Tekenje om it rútsje in kezyn; miskien wol krekt sa'n moai kezyn as dat fan Harry syn hûs. Plak de foto fan de bern achter it rútsje.

**Boartsje: 'Bou in hûs'**
**Materialen: lytse en gruttere boartersguodbisten (bgl. fan de buorkerij of de duplo), blokken (bgl. duplo, kapla, oare blokken)**

Yn it boek siket Harry syn hûs. Hy sjocht allegear huzen: lytse huzen, hege huzen, lege huzen, rychjeshuzen. Lit de bern de boartersguodbisten sjen. Kinne de bern huzen meitsje foar dy bisten? Praat mei de bern oer de bisten en de huzen. Moat it in grut hûs wêze of in lyts hûs? Soe it hûs fan de bisten leech by de grûn wêze of krekt heech? Bou mei de bern huzen. Dat kin fanôf de grûn of tafel omheech (3D), mar ek plat op 'e grûn of de tafel (2D). Kinst der ek in puzel fan meitsje: watfoar bist past yn watfoar hûs? Binne der ek bisten dy't keammerkes yn harren hûs ha? Of bisten dy't byelkoar yn ien hûs wenje?

**Boartsje: 'Wêr moat Harry hinne?'**
**Materialen: yn it foar knipte kartonnen pylken yn soarten en maten, in knuffelpoes (Harry)**

Harry is ferdwaald. Hoe moat er no wer thús komme? Lit in pylk oan de bern sjen. Witte se wat it binne? Wat wol de pylk fertelle? Datst dy kant op moatst. Lis de pylk op de grûn en lit de pylk ien kant op wize. Folgje mei de bern de pylk. Draai de pylk om. Folgje de pylk wer. Lit de bern de pylk ek in kear draaie. Wêr moatte jim hinne? Pak der noch in pylk by. Rin fan de iene pylk nei de folgjende pylk. Mei noch mear pylken kinne jim in speurtocht meitsje. Praat mei de bern oer wêr't jim hinne moatte: 'dizze kant út', 'dy kant út', 'rjochttroch', 'de bocht om'. Wêr komme jim út? Kinne de bern in pylkepaad meitsje foar Harry? Lis de pylken op in plakje dêr't de bern der by kinne, dan kinne se yn harren eigen spul nochris in pylkepaad meitsje.






# it printeboek fan 2019

**'In hûs foar Harry' fan Leo Timmers**
Fan 23 jannewaris o/m 2 febrewaris binne it de 'Nationale Voorleesdagen'. It printeboek fan it jier is yn 2019 'Een huis voor Harry'. Spesjaal foar dy gelegenheid is it printeboek oersetten yn it Frysk. 'In hûs foar Harry' is û.o. te keap yn de websjop fan de Afûk, www.websjop.afuk.nl.
Yn dizze lêsbrief steane suggestjes foar (taal)aktiviteiten om it printeboek 'In hûs foar Harry' hinne.

**Foarlêze ‘In hûs foar Harry’ – ynteraktyf**
**Materialen: it printeboek ‘In hûs foar Harry’ fan Leo Timmers**

Ynteraktyf foarlêze wol sizze dat de bern ûnder it foarlêzen aktyf by it ferhaal belutsen wurde. De foarlêzer stelt bygelyks fragen oer wat der krekt foarlêzen is, lit de bern dingen oanwize yn it boek of freget de bern wat sy derfan tinke. Sa kinst as foarlêzer goed oanslute by de bern en wurde de bern mear belutsen by it ferhaal. Ek helpt it de bern om it ferhaal better te begripen. Ynteraktyf foarlêze kin op alderhande wizen. Yn dizze lêsbrief steane in oantal suggestjes by ‘In hûs foar Harry’.

Lês foar it foarlêzen sels it boek en de fragen in kear troch.
Sykje in noflik plakje om foar te lêzen. Soargje derfoar dat de groep net te grut is, sadat alle bern ek echt meidwaan kinne.

- Besjoch mei de bern de foarside fan it boek. Wat stiet dêrop? Lês de titel foar. Wa is Harry?
- Harry sit it leafst yn ’e hûs. Wêr boartsje de bern it leafst?
- Sjogge de bern Yfke? Fine de bern tikkerke ek leuk?
- Wêr binne Harry en Yfke? Hoe witte de bern dat? Hawwe de bern wolris tikboarte op it dak?
- Harry makket syn sin noch net ôf. Kinne de bern de sin ôfmeitsje: ‘Ik wol werom nei ...’?
- Harry kin Yfke net mear fine. Wêr soe se wêze kinne?
- Harry is ferdwaald. Wat is dat, ast ferdwaald bist?
- Hy draaft fan links nei rjochts. Kinne de bern dat ek? Eefkes oerein en besykje mar.
- Sjochris nei Harry. Wat tinke de bern: hoe fielt Harry him?
- Harry sjocht allegear huzen ûnderweis. Wa wenje dêryn?
- Dan fynt Harry in lyts hûs. Is dat in goed hûs foar Harry? Wêrom tinke de bern dat? En it hege hûs? En it lege hûs? En it stevige hûs?
- Harry fynt ek in rychjeshûs. Fynt Harry dat in noflik hûs?
- Hoefolle poezen wenje der yn it rychje? Kinne de bern dat telle?
- De poezen geane nei it park. Wat tinke de bern dat sy dêr dwaan sille?
- Der binne allegear flinters yn it park. Soe Yfke dêrby wêze?
- Der hingje allegear posters fan Harry ûnderweis. Wêrom hingje dy dêr? Hawwe de bern wolris sa’n poster sjoen?
- De poezen boartsje mei Yfke. Wêr soe Yfke hinne gean?
- Wêr is Harry no? Wa stiet dêr achter it rút te wachtsjen?
- Wat tinke de bern: fûn Harry it wol leuk om bûten te boartsjen?

**Opsizze: ‘Ik wolris lekker dûnsje’**
**fan Auck Peanstra, út: *Kom mar yn ’e rûnte***

Yfke de flinter is gek op spultsjes. Sy dûnset troch de loft. De poezen dûnsje achter har oan. Hoe dûnset in flinter eins? Sis it opsisferske op. Kinne de bern dûnsje as in flinter?

**Ik wol ris lekker dûnsje**
**in protte wille ha.**
**Ik dûnsje as in flinter,**
**in flinter dûnset sa!**

It opsisferske kin werhelle wurde mei ‘in poeske’, ‘in robot’, ‘in beppe’, ‘in hynder’ en sa fierder.
**Tip: Mei muzyk derby kinst noch folle better dûnsje!**

**Sjonge: ‘Lytse poes’**
**fan Aly Schaaf, út: *Krobbekoer***
**Materialen: in knuffelpoes**

Lit de bern de knuffelpoes sjen. It is Harry! Harry is ferdwaald. It baaske fan Harry giet nei him op syk. Ferstopje Harry ûnder in kleedsje. De bern meie dat gewoan sjen. Sjong it earste kûplet fan it ferske. Doch krekt as is Harry hielendal fuort. Sjoch op alderhande plakken, behalve ûnder it kleedsje. Freegje oan de bern oft se witte wêr’t Harry is. Fine se him? Sjong dan it twadde kûplet fan it ferske. Werhelje it spultsje mei oare plakjes. Mei it wol wat spannender? Ferstopje Harry dan as de bern de eagen ticht hawwe of lit de bern Harry ferstopje en lit de liedster sykje.

**Tip: Ast dyn bern mei de Nationale Voorleesdagen lid makkest fan de biblioteek, dan krijst in Harry-knuffel kado! Lid wêze fan de byb is foar bern oant 18 jier fergees.**




**Nifelje: ‘In hûs foar dy’**
**Materialen: dik karton (bgl. de sydkant fan in doaze) yn ’e foarm fan in hûs knipt, spûns, brune ferve op platte skaaltsjes, in foto fan de bern, in dikke stift.**

Harry siket syn hûs. Wêr is in hûs meastal fan makke? Fan stiennen. Mei de spûns kinne de bern stiennen stimpelje. Druk de spûns mei de smelle kant yn de ferve. Druk de spûns mei ferve op it kartonnen hûs: in stien! Stimpelje it hûs fol stiennen. As de ferve drûch is, kin boppe-yn it hûs in rútsje knipt wurde. >>